

PARSEBERJOCHT – Programma-ynformaasje Fryslân DOK

14 juny 2016

De Dyk

Fryslân DOK op snein 26 juny

Ien fan de âldste diken fan Europa leit ferskûle en ferlitten yn it Fryske lânskip. Nei desennia fan fertutearzing besleat in lytse groep belutsen boargers dat it tiid waard de ‘Pingjumer Gulden Halsbân’ te rêden. Wat folge wie in striid tusken boargers, boeren en bestjoerders. No, nei seis jier polderjen, blykt it ikoan yn it Fryske lânskip in symboal fan gearwurking.

De ‘Pingjumer Gulden Halsbân’ is nei alle gedachten om 950 hinne betocht en boud troch monniken, yn ‘e mande mei de pleatslike befolking. De binnendyk om it Fryske doarp Pingjum hinne moast de lânbou en feehâlderij tsjin de see beskermje. Dêr’t de monumintale dyk eartiids it wetter kearde, soarget er no foar ferbining tusken in groeiende groep belutsenen. Want dat is yn tûzen jier tiid itselde bleaun: de bewenners fan it gebiet bliuwe oan it polderjen yn in lânskip dat nea ôf is.

De dokumintêre ‘De Dyk’ lit net allinnich de ferjitten wearde fan it kultuerhistoarysk erfgoed sjen, mar leit ek wat oars bleat: de belutsenens fan in soad omwenjenden mei dizze bysûndere dyk. De âld-boer dy’t yn de dyk ûnderwilens ‘hiel wat oars’ sjocht; it besiele bestjoerslid fan it boargerinisjatyf; de dichter; it groepke doarpsynwenners dat nei mear as hûndert jier de dyk wer ‘skôgje’ sil. Mei in hiel soad oaren blaze sy nij libben yn dizze hast fergetten dyk. Hoe’t in dyk wekker tute waard.

Fryslân DOK: De Dyk

Snein 26 juny fan 17.00 oere ôf alle oeren op Omrop Fryslân Telefyzje. Ek te sjen op sneon 25 juny om 15.30 oere en snein 26 juny om 13.15 oere op NPO 2.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.

PERSBERICHT – Programma-informatie Fryslân DOK

14 juni 2016

De Dyk

Fryslân DOK op zondag 26 juni

Eén van de oudste dijken van Europa ligt verscholen en verlaten in het Friese landschap. Na decennia van verwaarlozing besloot een kleine groep betrokken burgers dat het tijd werd de ‘Pingjumer Gulden Hâlsbân’ te redden. Wat volgde was een strijd tussen burgers, boeren en bestuurders. Nu, na zes jaar polderen, blijkt het icoon in het Friese landschap een symbool van samenwerking.

De ‘Pingjumer Gulden Halsbân’ is vermoedelijk rond 950 bedacht en gerealiseerd door monniken, samen met de plaatselijke bevolking. De binnendijk rond het Friese dorp Pingjum moest de landbouw en veeteelt tegen de zee te beschermen. Waar deze monumentale dijk vroeger het water keerde, zorgt hij nu voor verbinding tussen een groeiende groep betrokkenen. Want dat is in duizend jaar tijd hetzelfde gebleven: de bewoners van dit gebied blijven polderen in een landschap dat nooit af is.

De documentaire ‘De Dyk’ laat niet alleen de vergeten waarde van het cultuurhistorisch erfgoed zien maar legt ook iets anders bloot: de betrokkenheid van vele omwonenden met deze bijzondere dijk. De gewezen boer die in de dijk inmiddels ‘iets heel anders’ ziet; het gedreven bestuurslid van het burgerinitiatief; de dichter; het groepje dorpelingen dat na meer dan honderd jaar de dijk weer gaat ‘schouwen’. Samen met vele anderen blazen zij nieuw leven in deze bijna vergeten dijk. Hoe een dijk werd wakker gekust.

Fryslân DOK: De Dyk (De Dijk)

Zondag 26 juni vanaf 17.00 uur ieder uur op Omrop Fryslân Televisie. Ook te zien op zaterdag 25 juni om 15.30 uur en zondag 26 juni om 13.15 uur op NPO 2.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: tel. 058 299 7876.